



Oan de leden fan Provinsjale Steaten  
en it Kolleezje fan Deputearre Steaten  
Provinsjehûs  
Twibaksmerk 52  
Postbus 20120  
9800 HM LJOUWERT

Drachten, 26 maart 2005

Underwerp: Fryske taal en kultuer as fak- en fiertaal op de WEC-skoallen

Achte leden fan Provinsjale Steaten en fan it Kolleezje fan Deputearre Steaten,

Wy rjochtsje ús ta jimme omdat de formele (wetlike) en materiële posysje (kwantiteit en kwaliteit) fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer driuwend oan fersterking en ferbettering ta is.

#### *Taljochting*

De minister fan UKenW skriuwt ús op 7 juny 2004: 'Op de Friese basisskolen is het vak Fries verplicht en kan de Friese taal als voertaal in het onderwijs worden gebruikt. Daarom werd bij de ratificatie van het Europees handvest voor regionale en minderheidstalen geconstateerd dat wordt voldaan aan de bepaling dat een aanmerkelijk deel van het onderwijs moet worden aangeboden in het Fries. Een wijziging van de Wet op het primair onderwijs en de Wet op de expertisecentra is daarom wat betreft deze bepaling overbodig, Wél stel ik de provincie Fryslân middels een doeluitkering in de gelegenheid om de positie van het Fries in het onderwijs te verstevigen.'

Ein jannewaris krigen de direksjes fan skoallen foar (F)SU yn Fryslân fan de ynspeksje (drs. Oudeboon) in Hollânsktalich brief en in Hollânsktalige fragelist (datearre 20-01-05) tastjoerd oer 'het Fries in het onderwijs'. Der sil troch de ynspeksje ûndersyk dien wurde nei de kwaliteit fan 'de *mogelijkheid* om, naast andere vak- en vormingsgebieden, in het onderwijs ook *aandacht* te besteden aan de Friese taal' (skeanprint fan ús). As de minister fan betinken is dat de posysje fan it Frysk as fak en as fiertaal sa goed en sa folslein garandearre is troch it Hânfest dat nasjonale ûnderwiiswetten blykber gjin wiziging fanneden hawwe, dan hie de ynspeksje dochs útgean moatten fan kêst 8 fan dat Hânfest as ús meast resinte en meast basale rjochten ynstee fan de 'mogelijkheid' fan 'aandacht'?!

Ut de praktyk wei witte wy dat skoallen dy't ûnder de WEC falle, op in inkelde útsûndering nei, frijwol neat fan betsjutting dogge as it giet om it oanbieden fan it Frysk as ynstruksjetaal en as fak/leargebiet (kêst 13 en 18 fan de WEC; ferl. ek de twadde rapportaazje fan it Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en de Fryske Academy oer de maatregels dy't Nederlân nommen hat op it stik fan de Fryske taal en kultuer; yn: *'Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden, 1999-2001'*, 2003, s. 55).

Dêr komt noch by dat by de oergong fan de ISOVSO nei de WEC in bepaling oer it Frysk, sûnder in eksplisyt útstel dêrta yn it wetsútstel, net oernommen is yn de WEC. Om dy reden pleitet it *Konsultatyf Orgaan* yn syn *Memorandum 2004* foar reparaasjewetjouwing om yn kêst 18 nei de earste folsin ta te foegjen: ‘De scholen in de provincie Friesland [wêrom net de offisjele namme: *Fryslân?* skr.] geven met redenen omkleed aan op welke wijze *aandacht* wordt besteed aan de Friese taal en cultuur’ (s. 6). Al wêr dûkt dat dizenge, neatsizzende en diskriminearjende wurdse ‘aandacht’ op.

De wjergader dêrfan is al te finen yn it einrapport fan de ‘Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs’ (july 1981) yn de foarm fan ‘aanraking met de friese taal en cultuur’ (s. 62). Dy ‘aandacht’ of ‘aanraking’ hawwe yn it bûtengewoan of (letter) spesjaal ûnderwiis ta neat fan betsjutting laat en sille, as it dêrby bliuwt, yn de takomst ek ta neat liede! ‘*It Plan fan Oanpak Frysk yn it ûnderwiis*’ (nov. 2001, s. 21) falt yn deselde kûle. Der falt amper wat oan te pakken as men gjin inkeld ûnderskied makket tusken NL/ML-learlingen [‘normaal lerenden/moeilijk lerenden’] en ZML/MG-learlingen [‘meervoudig gehandicapten/zml-niveau’] (sjoch ek de bylagen).

Wy tinke dat soks oars en gâns better formulearre wurde moat. Dêrta kinne skoan de oanbefellings tsjinje dy’t datselde *Konsultatyf Orgaan* yn it boppeneamde *Memorandum 2004* yn par. 2.2. en 2.4. docht. Dy hâlde yn dat de Provinsje it *foech* kriget by it fêststellen fan it ramt foar it ûnderwiis yn it Frysk as fak en as ynstruksjetaal (kêst 9 WPO) en by it fêststellen fan de *fergoeding* foar de materiële ynstânhâlding (kêst 134 WPO). En dat *foech* en it fêststellen fan dy *fergoeding* moat út soarte, sa foegje wy der mei klam oan ta, net beheind bliuwe ta de WPO, mar likegoed jilde foar de WEC.

Der wurdt troch it *Konsultatyf Orgaan* ek útsteld om yn kêst 9 fan de WPO in bepaling op te nimmen dy’t derta liede moat dat de skoallen yn Fryslân op syn minst safolle ûnderwiistiid oan Frysk besteegje moatte as needsaaklik is foar it berikken fan de *kearndoelen*, oars wurdt it mei it stribjen nei de *folsleine twataligens* ek neat (*Memorandum*, s. 5). Dat soe likegoed jilde moatte foar de (takomstige) kearndoelen fan it (F)SU!

#### *Frysk as fier- en ynstruksjetaal*

As it *Konsultatyf Orgaan* boppedat útstelt om kêst 8 fan de WPO sa te feroarjen dat der stiet: ‘Op de scholen in de provincie Friesland [‘Fryslân’ liket ús better] wordt Fries mede als voertaal bij het onderwijs gebruikt’ (s. 5), dan soe dy omskriuwing likegoed yn de WEC stean moatte.

As wy sjogge nei de oanbefellings dy’t it *Konsultatyf Orgaan* (par. 2.4., s. 7) docht foar it *fuortset* ûnderwiis, dan moat der neffens ús by it ûnderwiis yn it fuortset spesjaal ûnderwiis likegoed sprake wêze fan *trochrinnende learlinen* foar it Frysk as fak en in *funksjoneel* brûken fan Frysk as ynstruksjetaal. Ekskens kinne oant no ta net troch WEC-skoallen ôfnommen wurde, dat moatte de reguliere skoallen dwaan. Op dat mêd falt yn de WEC dus neat fêst te lizzen oer it Frysk.

It is dus *minimaal* needsaaklik om foar it (F)SU yn de WEC de sin op te nimmen: ‘Op de scholen in de provincie Fryslân wordt het onderwijs mede in het Fries gegeven.’ Folle better liket it ús ta om de formulearring fan it Hânfest te oer te nimmen: ‘Op de scholen in de provincie Fryslân wordt een *aanmerkelijke deel* van het onderwijs in het Fries gegeven.’ Wat it (F)SU oanbelanget, moat der yn formulearring gjin ûnderskied makke wurde tusken Spesjaal Underwiis en *Fuortset* Spesjaal Underwiis.

### *Kearndoelen Fryske taal en kultuer*

Yn de perioade 2002 o/m 2003 hat de SLO in bydrage levere oan it ûntwikkelpoerke *Kearndoelen Spesjaal Underwiis*. Dat ûntwikkelpoerke hat resultearre yn in útstel dat yn maart 2004 reekommen en oan it ministearje fan OC&W oplevere is. Mear as in jier letter, mei de SLO yn goed oerlis mei it ministearje dat útstel, *Kerndoelen SO*, frijjaan ('*Voorstel kerndoelen speciaal onderwijs, zeer moeilijk lerende leerlingen en leerlingen met een meervoudige handicap, arbeidstoeleiding voortgezet speciaal onderwijs*'; ferl. begeliedend brief SLO, d.d. 7 maart 2005).

Yn dat útstel binne foar it Nederlânsk 10 *ferplichte* kearndoelen formulearre foar de fjouwer klusters (F)SU-learlingen (fan 3 oant 20 jier): trije foar it mûnlinge taalûnderwiis, fjouwer foar it skriftlike taalûnderwiis en trije foar de taalskôging (Voorstel kerndoelen [...], s. 17). Foar guon learlingen dy't (tigel) min hearre, wurdt keazen foar twatalich ûnderwiis: 'Nederlandse taal en Nederlandse Gebarentaal (NGT)' (*Ibid.*, s. 16). De kearndoelútstellen NGT hawwe gjin ferplichtsjend karakter (s. 19), dy foar Nederlânsk wol.

Foar it Frysk leit it lân der ek yn it SLO-útstel noch altiten min hinne: 'Typering: Over de Friese taal geeft de wet op de expertisecentra aan dat de scholen voor speciaal onderwijs in de provincie Friesland in hun onderwijsaanbod 'de Friese taal' 'kunnen' opnemen. Daarmee is het onderwijsaanbod van de Fries taal exclusief gemaakt voor scholen in de provincie Friesland. En, door de 'kan'-formulering hebben de kerndoelvoorstellen voor de Friese taal geen voorschrijvend karakter. Mocht de school besluiten de Friese taal in haar onderwijsaanbod op te nemen, dan doet zij er goed aan zich te laten leiden door de kerndoelvoorstellen.' (s. 23). De kearndoelen sels binne wer in spegeling fan de *ôfswakke* doelen foar it primêr ûnderwiis, dêr't it ministearje mei nei de Twadde Keamer wol as de Steaten fan Fryslân der gjin skoatteltsje foar strike.

De *fakultativens* fan de kearndoelen foar Frysk is neffens ús folslein yn striid mei it Hânfest (kêst 8), wylst boppedat it *net lykweardich* omskriuwen fan de kearndoelen Frysk troch Provinsjale Steaten koartlyn ôfwjisd is. De kearndoelen foar Frysk soene foar de 'NL/ML'-learlingen út it spesjaal ûnderwiis likegoed ferplichte wêze moatte en lykweardich oan dy foar it Nederlânsk.

Ek foar ZML/MG-learlingen binne doelen formulearre foar 'Taal en communicatie' (s. 53-54). Op gjin inkelde wize wurdt dêryn referearre oan it Frysk en de Fryske kultuer yn Fryslân. Yn 2003 hat ien fan ús de SLO dêrop wiisd (sjoch bylage 4). Yn it SLO-útstel is neat fan dy ynbring werom te finen.

### *Trochgeande learlinen*

De *trochgeande learline* Fryske taal en kultuer soe ek yn it (fuortset) spesjaal ûnderwiis oan it eksamen ta op syn minst garandearre wêze moatte. No komt it foar (bgl. op Skoalle Lyndensteyn) dat learlingen it Frysk falle litte meie yn it begjin fan de basisfoarming (bgl. oan de ein fan it earste jier), omdat se it oars 'te drok' mei it húswurk krije soene, sels as it om Frysktalige learlingen giet. It Nederlânsk en it Ingelsk geane altiten foar en ferdriuwe it Frysk as tredde taal, omdat it Nederlânsk en it Ingelsk *ferplichte* eksamenfakken binne. In *net-ferplichte* eksamenfak lykas it Frysk wurdt dan op grûn fan 'oerbelêstiging' as oerstallich sjoen yn it foartrajekt (de basisfoarming). De Fryske (memme)taal hoecht yn dy fyzje blykber net fierder ûntwikkele te wurden, omdat twa net-memmetalen al foarskreaun binne en it learen fan trije talen tefolle achte wurdt. Wy dogge in berop op jimme om oan sokke misstannen mei gauwens in ein te meitsjen. De definitive oplossing is fansels dat it Frysk njonken it Nederlânsk en it Ingelsk in gewoan, normaal *ferplichte* eksamenfak wurdt yn Fryslân.

### *Frijstellings foar learlingen*

Op de Fryske skoallen foar spesjaal ûnderwiis wurde ek learlingen talitten dy't bûten Fryslân wenje. Wy witte dat de praktyk bestiet dat dy learlingen gauris in *frijstelling* krije fan it folgjen fan it Frysk (bgl. op Skoalle Lyndensteyn) sûnder dat der sprake is fan *harsentrauma's* of beskate *komplisearre* problemen/steurnissen op it mêd fan *taal* en *spraak* dy't (almeast tydlik) om in monolinguale oanpak freegje. Dat makket it brûken fan it *Frysk as ynstruksjetaal* yn in (neo-)klassikale oanpak, en dy is yn it spesjaal ûnderwiis likegoed needsaaklik, frijwol ûnmooglik. Hjir soe ek in *feit* wurde moatte wat sa moai stiet yn de nije provinsjale brosjure oer de Fryske taal en kultuer 'Taal fan it hert' (s. 28): 'Alle bern dy't yn Fryslân nei de basisskoalle geane of it spesjaal ûnderwiis folgje, leare Nederlânsk en Frysk. Dat jildt ek foar bern dy't *net* yn Fryslân berne binne of thús in oare taal prate' [skeeprint fan ús]. Dat ideaal moat noch werklikheid wurde en dat freget om gâns stjoering fan de provinsje. De skoallen foar spesjaal ûnderwiis hearre yn Fryslân, neffens ús, echte *twatalige* skoallen te wurden.

### *Ofslutend*

Wy steane der tige op oan dat Provinsjale en Deputearre Steaten fan Fryslân har mei gauwens sterk meitsje om rjocht te breidzjen wat yn it spesjaal ûnderwiis no al desennialang slim kromwoeksen is. Dat freget om bettere formulearrings yn de WEC en om kearndoelen foar de Fryske taal en kultuer (ynklusyf skiednis) dy't meunsterje kinne tsjin dy foar de Nederlânske taal en kultuer. It freget ek om garânsjes dat it Frysk in 'aanmerkelyk deel' fan de lestiid (it learplan) as ynstruksjetaal brûkt wurdt.

Mei rju achtinge,

S.T. Hiemstra,  
skriuwer FFU

### *Bylagen:*

De bylagen jouwe in oersjoch fan de aktiviteiten dy't de lêste jierren fan ús kant ûndernommen binne.

- I. brief oan it Procesmanagement Primair Onderwijs (PMPO) oer ûnderwiisdoelen oan zml-learlingen, 15-05-2000
- II. brief oan it Kolleezje fan DS oer it Frysk yn de REC-skoallen yn Fryslân, 20-12-2001
- III. brief (FFU) oan dhr. Th. Willemsen oer (1) de kearndoelen spesjaal ûnderwiis en (2) de learlingbûne finansiering, 26-06-2003
- IV. brief oan de SLO mei kommentaar op de kearndoelen en typearrings fan kluster 3, 26-06-2003 (allinnich de meast relevante siden)

### *Ofskriften (sûnder bylagen):*

- Berie foar it Frysk
- Konsultatyf Orgaan
- Underwiiskommisje fan de Twadde Keamer
- Earste en Twadde Keamerleden